De sek fan Sinteklaas

Skreaun troch Maarten Stevens

Oersetten yn it Frysk troch Tiny Altena

www.cts-producties.nl

Rollen:

Sinteklaas: Sinteklaas is……..Tsja……..gjin fjirdere útlis nédich !!

Haadpiet: Haadpiet is al in skoftke Haadpiet en moat der foar soarchje dat alles goed giet. Dat is in wichtige opjefte dy't Haadpiet hiel serieus nimt.

2e Haadpiet: 2e Haadpiet is de ferfanger fan Haadpiet. Dit putsje is einliks net goed genôch foar him, hy wol heecherop. Soe Haadpiet dêr no sa bliid mei wêze ?

GjinIdeepiet: Gjin idee hokker Piet dit is…

Lieding: Dit kin in master/juffer wêze fan de skoalle wer't de útfiering plak fynt of de foarsitter fan in ferieniging, ens. Dizze persoan spilet him/har sels.

Dekor:

As dekor kin gewoan in hoeke brûkt wurde wer't Sinteklaas sit en de bêrn kadootsjes jout.

Tonielstik

HAADPIET: (komt op mei 2e haadpiet) Sa. Hjir sil it daliks barre. Hjir sil Sinteklaas de kadootsjes oan de bern jaan.

2e HAADP: En as dit klear is ?

HAADPIET: Dan moatte we wer fjirder om de bern yn Utrecht kadootsjes te bringen. Fannacht moatte wy yn Grins de daken op.

2eHAADP: Ah jakkes, ik fyn it sa aaklik om op dy glêde daken te rinnen. Dan moat je ek noch sa'n swiere sek mei kadootsjes meisjouwe.

HAADPIET: Dy kadootsjes fâlle noch wol mei. Ik moast ris in ûndogens bern meinimme yn'e sek nei Spanje…….. Dat wie nochris swier.

2e HAADP: Do hast gelyk. Mar as we dit Sinteklaasfeest hawn ha binne we de rest fan it jier frij.

HAADPIET: Wy? Do!! Ik bin drok dwaande as Haadpiet. Ik moat funksjeneringspetearen hâlde, sollistaasjes bywenje, stazjêrs opliede. In Haadpiet is nea klear mei syn wurk.

2eHAADP: Sille wy ruilje ?

HAADPIET: Nee. Ik bin net foar neat Haadpiet. Sinteklaas had betrouwen yn my, dat ik alles goed foarelkoar ha.

2eHAADP: Dat soe ik ek wolris besykje wolle.

HAADPIET: Dat kinsto net !!

2e HAADP: Wat ! Dat kin ik wol. Ik bin no al trije jier 2e Haadpiet. Ik wol it ek wolris besykje.

HAADPIET: Ik wol it net lije, dat doche we net.

LIEDING: (komt op) Ha goeie, binne jimme dêr al ?

HAADPIET: Jawis, wy moatte der foar soarchje dat alles foarelkoar is as Sinteklaas komt.

LIEDING: Wy ha hjir trije stuollen delsetten foar Sinteklaas en jim tegearre.

HAADPIET: Hiel goed ! Sinteklaas is al sa âld, hy kin net de hiele tiid stean. Sis, 2e Haadpiet, helje do GjinIdeePiet ris op. Hy hat de kadootsjes foar de bern. (2e Haadpiet giet fan it toniel of)

LIEDING: Sis, ik doar it hast net te freegjen mar……is dêr ek in kado foar my ?

HAADPIET: Dat is oan Sinteklaas, dat regelje ik net.

GJINIDEEP: (komt op mei in sek kadootsjes) Hjir bin ik!

LIEDING: Sitte de kadootsjes yn dy sek ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: Ja, dêr sitte de kadootsjes yn.

LIEDING: Mei ik hiel efkes sjen ?

HAADPIET: Dat sil net gean. Allinne de Pieten en Sinteklaas meie oan de sek mei kadootsjes komme. Sis, is d'r ek in woartel foar it hynder fan Sinteklaas ? En wat hea ?

LIEDING: Ik sil der no efkes nei sjen. (giet of)

HAADPIET: Bêst, wer sille we dizze sek delsette ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: It duorret noch wol efkes foar't Sinteklaas komt…… We kinne dizze kadootsjes hjir net samar stean litte. We moatte se ferstopje….. Mar wêr ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: Dat tocht ik wol. Ik moat hjir ek alles sels dwaan. Wacht! Ik wit it! We ferstopje de kadootsjes yn in jiskefetpûde. Dan sjocht net ien dat dit de sek fan Sinteklaas is! Wêr fyn ik in jiskefetpûde ? (sjocht om him hinne)

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: Hjir sjoch ik d'r ien. (pakt in jiskefetpûde) Sa, we doche se hjir yn, dan sjocht net ien it! Kom, we geane de leste dingen regeljen. (se geane tegearre ôf)

LIEDING: (komt stikum opslûpen) Ha, dêr is net ien. Dan kin ik no moai yn'e sek fan Sinteklaas sjen. (sjocht om him/har hinne) Wêr is dy sek no ? Hy stie hjir krekt noch. Ik sjoch allinnich in âlde jiskefetpûde…… Ik snap der neat fan! (klinkt gestommel) Wacht, dêr komt immen oan. Ik moat hjir hurd wei. (giet hurd ôf)

2deHAADP: (komt op, lilk). Wêrom krij ik altiid de rotputsjes. Haadpiet hat altiid it leuke wurk en ik moat de rotputsjes opknappe. Ik moast fan Haadpiet de lêste rommel opromje foardat Sinteklaas komt. Stom wurk!! (sjocht de jiskefetpûde) Hé, in jiskefetpûde…… Sinteklaas sit it fêst net sa leuk fine as hy tusken de rommel sitte moat. (pakt de jiskefetpûde) Dizze sek giet mei de jiskefetwein mei. (giet ôf)

HAADPIET: (komt op mei Gjinideepiet) Wêr is 2de haadpiet no ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: Ik ha him sein dat hy hjir hinne gean moast om de leste dingen klear te meitsjen foardat Sinteklaas komt. Wêr kin hy no wêze ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: As Sinteklaas dit heart !! Dan liket it net bêst foar 2de Haadpiet.

LIEDING: (komt op) Is alles klear ?

HAADPIET: Ik tink it wol. We binne allinnich 2de Haadpiet kwytrakke.

LIEDING: Wêr is hy dan ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: Dat witte wy fonsels net! Oars wienen wy him dochs net kwyt!!

LIEDING: Dat is ek sa. Lokkich is it mar de 2de Haadpiet en binne we de kadootsjes net kwyt. No't we it dochs oer de kadootsjes hawwe. Soe ik miskien efkes sjen meie ? Hiel efkes mar!

HAADPIET: Ik ha dochs al sein dat allinne Sinteklaas en de Pieten oan de sek komme meie.

LIEDING: Ik sjoch allinnich mar. Mei myn hânnen op de rêch. (docht de hânnen op de rêch)

HAADPIET: Nee, nee en nochris nee! (sjocht om him hinne) Mar wêr is de sek mei kadootsjes einliks ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

LIEDING: Wat, binne myn kadootsjes wei ? (skrikt dan fan wat hy/sy seit) Ik bedoel… binne de kadootsjes foar de bern wei ?

(eltsenien giet oeral sykjen)

2de HAADP: (komt op) Binne jimme dêr al ? Sinteklaas sil no hast wol komme.

HAADPIET: (lilk) Wêr wiesto no ? Ik hie dy dochs sein om hjir hinne te gean om de lêste dingen klear te meitsjen foar't Sinteklaas komt!

2de HAADP: Ik ha in jiskefetpûde fuortgooit. Ik kin Sinteklaas dochs net tusken de rommel sitte litte!

HAADPIET: In jiskefetpûde ? De pûde dy't hjir stie ?

2de HAADP: Ja, wat is dêr sa bysûnder oan ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: Yn dy jiskefetpûde siet de sek mei kadootsjes!!

2deHAADP: Siet dy dêryn ? Wêrom siet de sek yn in jiskefetpûde ?

HAADPIET: We wienen bang dat oars immen stikum yn'e sek sjen soe om de kadootsjes dêrút te heljen. We tochten: net ien sjocht yn in jiskefetpûde.

LIEDING: Dus de kadootsjes sieten yn de jiskefetpûde ?

HAADPIET: Wêr is de pûde no ?

2deHAADP: Op de jiskebult, tink ik. De jiskewein kaam lâns riden en ik koe de sek der daliks op gooie.

LIEDING: Wat moatte we dwaan ?

GJINIDEEP: Gjin idee.

HAADPIET: We moatte dêrfoar soarchje dat Sinteklaas hjir neat fan fernimt.

2deHAADP: Goed idee.

HAADPIET: 2de Haadpiet…… Do giest mei Gjinideepiet op syk nei dy jiskefetwein. Besykje hoe dan ek dy sek wêrom te krijen. (2de Haadpiet en Gjinideepiet geane tegearre of)

LIEDING: Wat doche wy ?

HAADPIET: Wy bliuwe hjir! Wy fange Sinteklaas op as hy komt. Wanneer komme de bern ?

LIEDING: De bern ?

HAADPIET: Ja, de bern. Sinteklaas komt hjir om in oantal bern kadootsjes te jaan. Marieke, Johan, Ali, Sjors, Tineke(nim nammen fan bern dy't sjoche) Wanneer komme de bern ?

LIEDING: Oh, dy bern. Hielendal fergetten. De bern komme as it goed is…. (sjocht op syn/har horloazje) om…….. (sjocht dan it publyk yn en sjocht ta syn/har skrik dat de bern der al sitte) om…. om…… euh….. Haadpiet!

HAADPIET: Ja, wat is dêr ?

LIEDING: (draait mei Haadpiet mei syn/har rêch nei it publyk) Neffes my binne de bern der al….

HAADPIET: Wêr dan ?

LIEDING: Efter ús …. !

HAADPIET: (sjocht stadichoan oer dyn skouder nei it publyk) Wêr ? (skrikt as hy it publyk sjocht en sjocht hurd wer foar sich út) Do hast gelyk

LIEDING: Ik wist net dat de bern dêr al sa betiid wienen….

HAADPIET: Wat doche we no ?

LIEDING: Gjin idee.

HAADPIET: Begjinsto no ek al. Wat moatte we no dwaan. We hawwe gjin kadootsjes……

LIEDING: Sille we sizze dat Sinteklaas siik is ? Dat it feest dit jier net trochgiet ?

HAADPIET: Dat kin net. Sinteklaas komt joun op de tillefysje. At se dat sjoche witte se dat Sinteklaas net siik is.

LIEDING: Wat doche we dan ?

HAADPIET: Gjin idee…. Begjin ik no ek al ?

LIEDING: Litte we mar gewoan begjinne. Miskien fine se de sek mei kadootsjes krekt op tiid.

HAADPIET: Goed idee. (draaie allebeide om) Goeie bern!!

LIEDING: Hawwe jim dêr sin yn!?

(bern jouwe antwurd)

HAADPIET: Witte jim wa't ik bin ?

(bern jouwe antwurd)

HAADPIET: Krekt. Ik bin de Haadpiet. De baas fan alle Pieten. Ik moat soarchje dat alles goed rint as Sinteklaas komt.

2deHAADP: (komt op mei Gjinideepiet) Euh… Haadpiet…

HAADPIET: Wat is dêr ? Hawwe jim de sek fûn ?

Einde zichtversie….